

Der tuskenút

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2002

útbrocht op de CD "Der tuskenút"

Oant oan de teannen fol mei stress
De kop net by de les
Dus grypst wer nei de flesse jenever
Dû sûpst dyn soargen fuort
Mar dyn bealich giet kapot
Wy ha in folle better medisyn.

F
F
F - C7
F
F - Bes
Bes - F - C7 - F

Kearsang:

Wy brekke der ris lekker tuskenút
En litt' ús net mear troch de wrâld opjeije
Want út en troch moatst' mei it libben frije
Dan hast' ferlet fan mear as mar ien tút

F - C7 - F
F - C7
F - Bes
Bes - F - C7 - F

Wy brekke der ris lekker tuskenút
'sabbatical' of 'burn-out', my om 't even
Dû moatst it libben libje mei wat leven
Nee, net sa skrúten, smyt it der mar út

F - C7 - F
F - C7
F - Bes
Bes - F - C7 - F

Wy ha fan alles hyltyd mear
Dus ek mear gekrimmenear
En wy wurde minder sûn oan 'e lever
Mar tiid hast nooit genôch
Dat dan freegje ik my ôf
Sis, diele wy ús tiid eins wol goed yn?

F
F
F - C7
F
F - Bes
Bes - F - C7 - F

Kearsang:

o sa lekker yn ús fel
jouwe wy ús oeral del
wy kinne fan gelok omtrint wol sweve
sjonge alle soargen fuort
goaie alles út 'e strot
de kop omheech yn wetter waar en wyn

Kearsang: